


Spinne

Weetsjes

Krússpin
mei proai.



Spinnen
hawwe **8**
poaten.



De measte
spinnen
hawwe **8**
eagen.



Dit is in
springspin.



Se **beslûpt**
har proai
en makket
gjin web.



Se is **1 sm**
lang.



Elke soarte
spin makket
wat **oars** mei
spinreach:



Faltried



Ei kokon


Spinneweb



Alle spinnen
hawwe op it
achterliif in
spien.

Dêr meitsje
se **spinreach**
mei.

Spinnen ite
ynsekten.



Mei it web
fangt de spin
fleanende
ynsekten.

